

“Je binne der net allinne foar josels, je ha de opdracht om der te wêzen foar oaren om jo hinne.”- Anja Haga

Anja Haga is listlûker en fraksjefoarsitter yn Provinsjale Steaten. *“Ik bin hikke en tein yn Fryslân en fyn it dêrom ek in foarrjocht dat ik listlûker yn dizze provinsje wêze mei.”* Nearne fielt hja har sa thús as yn de provinsje dy't, neffens har, alles hat. *“We ha wetter, bosk, greiden, see en we ha geweldige stêden. Ik ha ôfrûne simmer de Alvestêdentocht rûn, dan sjogge jo se alle alve efter inoar. Dat is sa moai, hokfoar provinsje hat no alve fan dy moaie, histoaryske stêden? Ik mei der noch wenje ek, midden yn it sintrum fan Dokkum, dus ik bin in lokkich mins!”*

Anja is yn 2009 as lid fan in kommisje útein set mei har wurk foar de Provinsjale Steaten, wêr't hja der efter kaam hoe goed dit wurk by har past. *“Yn de polityk giet it der echt omdat je eat berikke yn de maatskippij, dat it moaier wurdt, better. It giet derom dat elkenien meidwaan kin en dat der gjin minsken tusken wâl en skip falle. Ik leau dat we dêr as kristen foar stean moatte. Jo binne der net allinne mar foar josels, je ha de opdracht om der ek te wêzen foar de oar om je hinne. Dêrom moat krekt it sosjale belied en de soarch yn de provinsje mear oandacht krije. De provinsje moat net fuortdalik sizze ‘dêr gean wy net oer’. Uteinlik giet it oer minsken en dêr binne jo as hiele oerheid ferantwurdlik foar. Ik fyn dat we dêr as ChristenUnie hiel goed om tinke moatte.”*

Yn de Provinsjale Steaten set Anja har yn foar in goede berikbrens fan Fryslân. Mei in goed Iepenbier Ferfier soarchje jo derfoar dat wurk en skoalle better berikber binne, sadat elkenien syn of har talinten ûntwikkelje kin. *“Yn it noarden binne de ôfstannen grutter, foaral as it giet om dyn ei de rânstêd en de grutte stêden. Krekt dêr is fakentiids it wurk, dus moatte wy soargje dat dy reistiden koarter wurde en dêrmei it noarden better berikber. Op dy wize wurdt Fryslân oantreklik om der te wenjen en oantreklik om der in bedriuw te fêstigjen.”* Ek yn de kommende perioade wol Anja har jir hurd foar meitsje. *“Ik fyn dat we jir noch echt hurd op ynsette moatte. De ôfrûne jierren is der wol wat bard, mar de reistiid nei Den Haag bijgelyks is sels noch langer dan trytich jier lyn. Dat moat echt oars!”*

Yn har wurk foar de ChristenUnie hat Anja ien útgongspunt: *“God leafhawwe boppe alles en jins neiste as josels.”* Neffens Jezus de twa wichtigste geboaden. *“Ik bin fan betinken dat dat ek it moaie is fan de ChristenUnie. Dat we fanút ús kristen-wêzen hannelje. Dat is werkenber foar alle kristenen, los fan hokfoar tsjerke dan ek.”*